

Bijlage HAVO

2014

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

Serious gaming

(1) Serious games hawwe alles te krijen mei it spulelemint, mar binne tagelyk bloedserieus. Tim Laning stiet tegearre mei syn sakepartner Jan-Jaap Severs mei it bedriuw Grendel Games oan 'e widze fan 'games that can change the world'. Revalidaasje nei in slim ûngelok, de operaasje-feardigens fan sjirurgen of sels de lêste moannen fan jins libben: it kin allegearre ferbettere wurde mei in serious game. It efterhelle imago fan de game-yndustry kin dus al lang de jiske-amer yn. *This is serious business.*

(2) De hearen fan Grendel Games wienen de earste hierders fan de Blokhúspoarte yn Ljouwert. Dêr út wei ûntwikkelet it bedriuw games dy't oer de hiele wrâld ferkocht wurde. In soad minsken út de Rânestêd freegje gauris oan Laning wêrom't er dochs yn it Noarden bliuwt. Op de iene of de oare wize is de reis nei Fryslân ta altyd langer as oarsom, mar yn in mondiale merk as de game-yndustry docht ôfstân der net ta.

(3) Yn de wike fan it ynterview ûntfangt Laning krekt in groep Japanners dy't ynteressearre is yn wat Grendel Games ûntwerpt. De Japanners binne foar harren gefoel noch altyd yn Amsterdam. Yn Tokyo docht men der ommers ek twa oeren oer om fan de iene kant fan de stêd nei de oare kant te kommen. "De klant ynteressearre it net út hokker plak wei oft wy wurkje. It wichtichste oan

dizze yndustry is datst digitaal distribuearrest. Dat giet oer alle grinzen hinne", sa seit Laning. "It iennichste datst nedich hast, is in goede ynternetferbining."

(4) Genôch oer de ôfstân, want dy diskusje jout eins oan hoe tradisjoneel yn Nederlân noch tocht wurdt oer de brânzje dêr't Grendel Games yn operearret. Yn de rest fan de wrâld is de game-yndustry al lang in miljoenesaak. Dat it yn ús lân sa lang duorret om soks op poaten te setten, komt neffens Laning oan de iene kant troch it behâldende ynvestearingsklimaat, oan de oare kant troch it imagoprobleem fan de business: "Kompjûterspultsjes wienen foar minsken dy't yn it tsjuster op de souder dagen oanien efter harren skerm sieten. Dy tiid hawwe we hân."

(5) Om fan dat imago ôf te kommen, is de term 'serious games' yn it libben roppen. It binne games dy't harren rjochtsje op it oanlearen fan bepaalde hannelingen en feardichheden. It spulelemint makket dat wat eins nochal saai is om te dwaan, krekt al ynteressant. It Amerikaanske ministearje fan Definsje frege Grendel Games bygelyks om in spul te meitsjen foar oarlochs-feteranen dy't oan har ynset bliuwend lichemsletsel oerhâlden hienen. It revalidaasje-proses is faak pynlik en freget om regelmjittich oefenjen. Om de pine fan de bewegingen te ferlichtsjen ûntwikkele Grendel

85 Games in spul dat neist de
 needsaaklike bewegingen ek in
 berop docht op de spulfantasje.
 Sa wurde dus tagelyk de lofter-
 en rjochterharsenhelte brûkt:
 90 yntelliginsje versus emoasje.
 Krekt dy emoasje is fan grutte
 betsjutting yn in revalidaasje-
 proses. By eltse pynlike
 beweging dy'tst makkest, wurdst
 95 weromfierd nei de oarsaak fan dy
 pine. Troch de rjochterhelte fan
 de harsens te triggerjen mei in
 spultsje (belibbing), is de
 revalidaasjepasjint op in oare
 100 wize mei syn trauma dwaande.
 Omdat de bewegingen fan de
 spiler ek de skoare beynfloedzje,
 kriget de feteraan in firtuele
 beleanning foar syn revalidaasje-
 105 wurk. Dat motivearret om oan it
 trenen te bliuwen. Neffens Laning
 giet it om dy inerlike motivaasje.
 "De ferplichte hannelingen moatte
 eins noflik wurde om te dwaan,
 110 dat kreëarrest troch der in
 spulelemint oan te ferbinen. By it
 ûntwikkeljen fan dy games giet it
 dêrom net allinnich mar om in
 technysk ûntwerp, mar ek om
 115 psychology, bewegingslear,
 kommunikaasje, sosjology en
 kulturele antropology. Al dy
 fasetten meitsje diel út fan
 gaming en dêr is in ûntwikkelder
 120 mei dwaande."

(6) Yn de medyske wrâld nimme
 ûntwikkelingen fan serious games
 in flecht. Earder ûntwikkele
 Laning in game foar jonges dy't
 125 de sykte fan Duchenne hawwe.
 Dat is in soarte fan oandwaning
 oan de spieren en it is fan it
 grutste belang dat de longfunksje
 stimulearre wurdt. "Dat wurdt dien
 130 troch geregeld op in ballontsje te
 blazen, mar der binne fansels
 ynteressantere dingen foar te
 betinken." Dit soarte fan dingen
 betinkt it team yn in brainstoarm-
 135 sesje. "Wy kamen út op in blaas-
 ynstrumint dat gewoanwei by
 alkoholkontrôles brûkt wurdt. Wy
 hawwe dat yn in piloatehelm
 fêstmakke en ûntwikkelen in Top
 140 Gun game dêr't pasjinten it
 fleantúch by bestjoere mei de
 azem." Dwaande wêze mei jins
 sykte, sûnder dat men jin
 dwaande hâldt mei jins sykte:
 145 inerlike motivaasje.

(7) Minsken mei serebrale
 parese, in bewegingsstoarnis yn
 de harsens, moatte in soad trene
 op balâns. Der binne in soad
 150 fysioterapeutyske hannelingen
 foar te betinken. "Dy't oer it
 algemien nochal saai binne", sa
 seit Laning. Syn team ûntwikkele
 in game dêr't bern by op in
 155 beweechber platfoarm sitte. Op in
 byldskerm sjogge se dat se op de
 rêch fan in draak fleane. Se
 moatte poststikken ôfleverje by
 elfkes en ierdmantsjes. Dat
 160 dogge se mei de bewegingen fan
 harren lichem. As se it net goed
 dogge, dan draait de draak him
 om en helpt se of straft se. Der sit
 in soad spanning yn it spultsje.
 165 Dat motivearret de bern om it te
 spyljen. Omdat tagelyk alle
 ynformaasje fan de bewegingen
 digitaal registrearre wurdt, kin de
 fysioterapeut spesifyk wurkje oan
 170 probleemgebieten.

(8) It nijste projekt dêr't Laning
 mei dwaande is, is in opdracht
 fan it sikehûs yn Grins. Dokters
 dy't laparoskopje útfiere, moatte in
 175 hiel soad oefenje. De
 knoopsgatsjirurgy, dêr't de dokter
 mei twa gatsjes yn it liif fan de
 pasjint in operaasje by útfiert,

freget om spesifike hannelingen.
180 “Der binne simulatoaren, mar
dêrmei docht de sjirurch wat er
de hiele dei al docht, dat is net
ynteressant. Wy binne frege om
dêr wat nijs foar te betinken.”
185 Dêrmei bringt Grendel Games
wat op de merk dat troch it
Amerikaanske sakeblêd *Forbes*

as ‘one of the top 10 games that
can change the world’ betitele
190 wurdt. Troch in spultsje te
ferbinnen oan de bewegingen dêr’t
in sjirurch him op talizze moat,
krijt oefenjen in hiel oare
betsjutting. Serious gaming: der
195 giet in wrâld foar dy iepen.

nei: Marieke Vinckers, de Moanne, nûmer 1, juny 2011

Tekst 2

Drinkende bern: sloppe âlden

Pubers drinke faak en in soad en âlden litte dat ta. Jantien de Boer ferdigenet yn it ûndersteande artikel de stelling dat ynskiklikens oangeande it brûken fan alkohol klearebare bernemishanneling is.

(1) It is altyd itselde ferske. Ast yn samar in coffeeshop jongeren ynterviewe wolst oer blowen, fersjitte se fan kleur. Want o wee, as harren
5 âlden derefter komme dat se hasj smoke. Mar freegje se nei alkohol, en de stoere ferhalen komme los. Gjinn probleem. Heit en mem witte dochs wol dat se drinke.
10 (2) Drank is foar gâns jongeren fan tolve oant achttjin gewoan wurden, konstatarret Petra Hoekstra. Sy hat yn har funksje as bernrjochter faak te krijen mei pubers dy’t op in jûn
15 fjirtjin oant fyftjin pilskes dronken hawwe en dy’t dan op har freegjen dêroer as reaksje jouwe “Och, dat falt dochs wol ta?”
(3) Jierren lyn seach ik yn in Fryske
20 bierkeet jonges fan fyftjin, sechstjin, santjin jier âld. Se seagen derút as foel it kwartsje net mear. En ik koe my net yntinke dat it harren heiten en memmen neat die. Mar blykber
25 leinen dy har der dochs by del, dat

harren eigen jonge de iene nei de oare jûn smoardronken thúskaam.
(4) Petra Hoekstra wie eins net fernuvere, doe’t ik har dat fertelde.
30 “Alden tinke dat alkohol der no ienkear by heart”, sei se. “Dy sizze: ‘Ik haw leaver dat se thús drinke as earne oars.’ Of se freegje: ‘Wat moat ik dan? Moat ik it gewoan ferbiede?’”
35 (5) “Wy dienen it earder ek”, hear ik heiten al roppen. “Wy stienen eartiids mei in tintsje op kemping Appelhof op Skylge. Wy bouden muorren fan ús kratsjes en leinen kuierpaden fan
40 bierdoppen oan.” Dat kloppet, soe ik dêrop sizze wolle. En sjoch ris wat der fan dy telâne kommen is. Blykber hat al dat bier in net te ferhelpen skea tabrocht oan dyn harsens en
45 doarst no net iens mear nee te sizzen tsjin dyn bern.
(6) Wittenskippers stelle al jierren dat alkohol it jonge brein oantaast:
oermjittich alkoholgebrûk troch
50 jongeren kin skealik wêze foar it

ûnthâld, foar tinkprosessen en de
selskontrôle. En ast soks witst, be-
stiet der eins mar ien opfiedings-
strategy: net drinke oant dyn sech-
55 tjinde. Of miskien sels wol oant dyn
achtjinde, oantst âld genôch bist om
dyn eigen kar te meitsjen en dy net
meislepe te litten troch dyn freonen.
Tsjin in bern dat nei in feestje giet,
60 sizze dat it op syn meast twa bierkes
hawwe mei, is flauwekul. Pyt bestelt
in rûntsje, Kees ek, en Anneke en
dêrnei Sabine. Rop dan mar ris as
fyftjinjierrige datst gjin bier mear
65 hawwe wolst mar kola. Twa pilskes
wurde fjouwer, of seis, of acht.
Pubers litte harren meislepe, pubers
wolle net ôfwike. En ienris thús hingje
se koarjend boppe de wc-pot en
70 sizze se de oare moarns dat se it
noait wer dwaan sille.
(7) Ast it sa besjochst is dy
ynskiklikens klearebare bernemis-
hanneling. Folle better is it om in
75 bern te learen om ‘nee’ te sizzen. As
in puber fan syn âlden net drinke
mei, leart er dat er om frisdrank

freegje moat. Ast fan jongs ôf oan
gjin alkohol nimst, witte de freonen
80 dat gau genôch en hoechst ek gjin
goed bedoelde oanbiedingen mear ôf
te slaan.

(8) Ben Lebescue fan Ferslavings-
soarch Noard-Nederlân sei earder
85 dat er hopet dat it gedrach fan jonge
drinkers en harren âlden beynfloede
wurde kin. Dat wurdt in lange wei,
tocht ik tryst, mei in âlde ôflevering
fan *Puberruil* yn gedachten. Ien fan
90 de haadrolspilers kearde nei in wike
yn de stêd werom op de pleats. “Moai
datst der wer bist”, sei heit wylst er in
fleske bier foar syn soan op de tafel
delsette.

95 (9) Idioat. Mar sis dat tsjin de âlden
dy’t in bern fan alve by it krystdiner
shandy jouwe mei 1% alkohol deryn.
Superstoer fansels. Mar net
ûnskuldich. Troch al dy heisa om dat
100 stoere 1%-drankje jouwe jo bern
ûnbedoeld it boadskip mei dat
alkohol super is. Supercool, yn stee
fan superstom. En superslop.

nei: Jantien de Boer, Leeuwarder Courant, 24 desimber 2011

Tekst 3

Help, de fyts ferhippet

(1) Yn Nederlân is der gjin
demokratysker ferfiermiddel as de
fyts. Wy hawwe allegearre ien en dy
sjocht der min ofte mear itselde út. Of
5 better sein: seach.

(2) Oant in pear jier tebek wienen der
trije soarten fytsen: in manljusfyts, in
frouljusfyts en in racefyts. En dan
fansels yn ferskillende maten. Elk
10 merk hie wol syn eigenaardichheden,
mar dêr’t it om gong – it frame en de

tsjillen – bleau itselde.

(3) Ik hâld fan de fyts. De ienfâld
derfan is prachtich. Dy ienfâld is ek
15 yn de technyk werom te finen. De
measte rûtinereparaasjes kinst
gewoan thús dwaan. Fyts op ’e kop,
it goede ark derby en de bân is plakt
of it ljocht is makke.

20 (4) Nederlân is in fytslân. Elkenien
hat in fyts, in soad minsken mear as
ien. Der binne goed achttjin miljoen

fytsen yn ús lân. Bûtenlanners
fernuverje har faak oer al dy fytsen.
25 Nederlanners fernuverje har oan de
oare kant oer de minne
omstannichheden dêr't fytsers fan te
lijen hawwe yn it bûtenlân.

(5) Utsein dat in fyts estetysk
30 ferantwurde is, is er dat ek yn etyske
sin. Fytsen is miljeufreonlik en sûn.
Boppedat is it nivellearjend, elkenien
is gelyk: fan keninginne oant
fabryksarbeider, efkes binne se op
35 gelikens nivo. Want harren auto's
sille nei alle gedachten in soad
ferskille, harren fytsen net.

(6) Dêrneist hat de fyts wat licht-
anargistysks. In fytser siket altyd nei
40 it koartste paad, efkes oer de stoepe,
efkes tsjin it ferkear yn. En altyd
delsette op it plak dêr'tst wêze
moatst. Oft dêr no fytsen stean meie
of net.

(7) Sosjologe Giseline Kuipers hat
beskreaun hoe't de fyts in nasjonaal
symboal fan Nederlân wurde koe. De
fyts wie de utering fan de boargerlike
middenklassekultuer dy't jierrenlang
50 yn Nederlân hearske. Dat byld paste
perfekt by de Nederlânske foarkar
foar macht-sûnder-opskik, de macht
dy't net sjen litte wol dat er machtich
is. Doch mar gewoan, dan dochst al
55 gek genôch. Dat Nederlân sa plat is
as in dûbeltsje holp fansels ek mei
oan de populariteit.

(8) Mar der wurdt knabbele oan de
Nederlânske fytskultuer. Krekt troch
60 dy populariteit. De fyts is net mear it
ienfâldige ding dêr't Jan en alleman
him op ferpleatst. De fyts is net mear
populêr, mar hip. De âlderwetske
Gazelle of Batavus ferliest hieltyd
65 mear terrein oan bakfytsen, fytsen
mei in bakje foarop, lowriders en al
dy oare farianten.

(9) Dat dêrmei de estetyske ienfâld
fan de fyts ferlern giet, is noch dêr

70 oan ta. Mar it nivellearjende fan de
fyts, it oer-Nederlânske elemint,
ferdwynt ek. Der is foarich jier yn
Amsterdam konstatearre dat it
brûken fan de fyts yn de stêd flink
75 tanimt. Mar net elkenien pakt no
faker de fyts. Benammen âlderen en
de minsken mei hegere ynkommens
fytse no mear as foarhinne. Kuipers:
"Dat hâldt yn dat begoedige
80 Amsterdammers op dit stuit faker
fytse as ynwenners mei lege ynkommens."
De Nederlânske fytskultuer
driget te ferdwinen en oan te sluten
by de ynternasjonale.

85 **(10)** Want ek yn it bûtenlân wurdt
fytst, al is it net sa'n soad. Fytsen is
yn Grut-Brittannië of de Feriene
Steaten wat foar de kulturele
foarhoede, dy't graach duorsum
90 dwaande wêze wol. It is dêr hip en
net krekt as by ús in massaferskyn-
sel. It is ûnderdiel wurden fan de
kosmopolityske boppelaach. Kuipers
leit út dat kultuerferskynsels hieltyd
95 mear ynternasjonaal wurde. De hippe
Nederlanner hat mear mei de hippe
Dútser of Frânsman mei in like heech
opliedingsnivo as mei de postboade
of fabryksarbeider. Sy sjocht yn it
100 feroarjen fan it brûken fan de fyts in
symboal fan de skieding tusken
boppe- en ûnderlaach yn de
maatskippij. De rike, bewuste en
hippe Nederlanner pakt it leafst de
105 fyts, wylst Jan mei de pet de auto
nimt. Kuipers pleitet dêrom foar it
'gewoan' hâlden fan de fyts.

(11) En wêrom ek net? As earste om
in persoanlike argewaasje fan my
110 fuort te nimmen. Al dy kuorkes mei
blommen en dy bakfytsen nimme te
folle plak yn, sadat der yn it rek noch
wol romte is foar myn foartsjil, mar
net foar myn frame. Of ik moat it
115 risiko nimme dat ik de remkabels wer
reparearje moat.

(12) Wichtiger is fansels it behâld fan nasjonaal erfgoed. Dat soe it kabinet wol oansprekke moatte. Nettsjin-
120 steande alle besunigingen binne monumintesoarch en folkskultuer gjin ûnderwerp fan diskusje. Dus kin dat bêst in rêdingsplan lije. In lytse subsydzje foar in gewoane fyts? In
125 postbus 51-kampanje? Of in

ferplichting op it brûken fan in simpele fyts foar amtners?

(13) Wy moatte fluch hannelje, oars heart it oer-Nederlânske byld fan de
130 bealgjende fytser dy't yn waar en wyn troch in polder fytst, ta it ferline. Dat kin dochs net? Dêrom moat de Nederlânske fytskultuer op de Unesco-wrâlderfgoedlist.

nei: Henk van der Laan, Friesch Dagblad, 5 novimber 2011

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen. Het College voor Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.